



Gysbert Griemmank

By alle aktiviteiten dy't der dit jier ta gelegenheid fan it 350ste stjerjier fan Gysbert Japicx organisearre wurde, like it skriuwer Simen de Jong, âld-Boalserter en âld-bestjoerslid fan de Gysbert Japicx Stifting, aardich ta en stel in fytstocht gear tusken alle strjitten dy't yn Fryslân nei him neamd binne. De Jong hie nammentlik, mei help fan Google, útfûn dat dat der krekt alve binne, en krekt as by de alvestêdetocht op pinkstermoandei is Boalsert it start- en finishplak.

It seit himsels dat it yn syn berteplak net mei in strjitte ta kin. De stêd earet him mei in leane, sij it in Hollânske laan. Fan de Boalserter Gysbert Japicxlaan giet it nei de Gysbert Japiksstraat yn Snits, dy't tusken de Worp Tjaardastraat en de Kerkhoflaan leit, dêr't ek Harmen Sytstra en Eeltsje Halbertsma in 'straat' krigen hawwe. It tredde plak is de flekke De Jouwer, dy't in Gysbert Japiksstraat hat: de dichtersnamme is hjir op syn Frysk stavere en de strjitnamme op syn Hollânsk. Fan De Jouwer giet it yn noardlike rjochting nei de Gysbert Japicxstraat yn Ljouwert. De stêd ferneamde him yn 1903 by syn 300ste bertedei. Om't doe de Oranjewyk yn oanbou wie tusken de Emmakade en de Willem Lodewijkstraat, skonk de gemeenteried him fuort mar de langste strjitte, dy't parallel rint oan dy strjitten. Fan Ljouwert giet it de noardeasthoeke yn: hjir hawwe net minder as fjouwer plakken Gysbert de eare oandien: Gytsjerk, Bûtenpost, Kollum en Dokkum. Gytsjerk en Kollum hawwe in Gysbert Japicxstrjitte, Bûtenpost in Gysbert Japiksstraat en Dokkum in Gysbert Japiksstrjitte. Fan Dokkum giet it oer Stiens en Frjentsjer, dy't beide in Gysbert Japicxstrjitte hawwe, nei Wytmarsum, dêr't de dichter skoalmaster west hat en in wei syn namme draacht: de

“ Fytsrûte fan 185 km de strjitnammen del

Gysbert Japiksweg. Werom yn Boalsert, hat de fyts 185 kilometer ôflein.

De konsekwinte nammejouwing is fier te sykjen, it is in griemmank. Mar ôfsjoen dêrfan: hoe betrouber is Google? Simen de Jong hie de rûte al yn kaart brocht en by de printer besoege, oant syn soan op 'e kompjûter 'gûchele' en in Gijsbert Japixstraat op It Hearrenfean fûn. Dat it soe gjin alve- mar in tolvestrijttetocht wurde. Wat slimmer wie: hoe moast de fytsfolchoarder no logysk rinne? De Jong hie al in grapke betocht om de fytsers op dat ûnlogyske sydpaad te wizen. Mar wat die bliken? Neier ûndersyk, al wer op Google, levere gjin befêstiging fan syn bestean.

De gemeente koe dat ek net ferklearje, mar de strjitte bestiet noch wol deeglik. Dat is te sizzen: der wenje gjin minsken, it is in sydstrijtsje fan de Burgemeester Falkenaweg. Skriuwers dy't it hjir fandatoangeande better troffen hawwe binne Eeltsje Halbertsma, Waling Dykstra en Geart Aeilco Wumkes. Mar de gemeente dy't fanâlds net bekend stiet om syn fryksinnigens, koe it fuort nei de oarloch net oer syn hert krije en brûk de Fryske foarnamme. Eeltsje waard Eeltje en Gysbert Gijsbert. Wumkes krige yn stee fan syn foarnamme syn gelearde titel: Doctor Wumkeslaan.

It Hearrenfean hat it net oer Japicx of Japiks mar oer Japix en dat is ek sa't dr. Philippus Breuker de namme stavereet yn syn yn 1989 ferskynde dissertaasje oer it wurk fan de dichter. Oft de nammejouwingskommisje fan It Feen dêr in bedoeling by hân hat, is ûnbekend mar Breuker ál: hy folge dêrmei, yn tsjinstelling ta al syn foargongers dy't oer Gysbert te set west hawwe, de stavering yn de earste, santjinde-iesuske útjefte fan de 'Friesche Rymlerije'.

pieterjan.de.groot@planet.nl

